

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	De hear Hoogland, deputearre
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op 8 july hat de Steatssekretaris in tydlik hannelingskader ynfierd foar it brûken fan grûn en baggelslib mei gemikaliën út de PFAS-stoffengroep dêryn. Fan dizze stoffen is bekend dat se mobyl en net-ôfbrekber binne en fan ferskillende stoffen witte wy dat se al by lege konsintraasjes fruchtberheidssteuringen en kanker feroarsaakje kinne. De Nordic Council besiferet de skea foar de sûnens fan minsken yn Europa troch dizze stoffen op mear as 50 miljard euro jierliks.</p> <p>Omdat der foarhinne gjin drompelwearde foar PFAS fêststeld wie, jilde neffens de wet it foarsoarchsbegjinsel. Dat betsjutte dat gjin grûn ferfierd wurde mocht as dat liede soe ta in fermindering fan de kwaliteit fan de boaiem. Om dochs ferfier mooglik te meitsjen hat de Steatssekretaris in tydlik hannelingskader ynfierd mei nije lanlike noarmen. Oant 1 oktober koene de bedriuwen de âlde partijen grûn dy't earder ûndersocht wiene sûnder analyse op PFAS noch ferwurkje.</p> <p>It docht bliken dat de grûn dy't ûndersocht wurdt yn 80% fan de ûndersiken boppe de lege noarm fan 0,1 µg/kgds sit (dy't û.o. foar gebrûk ûnder wetter of yn drinkwetterbeskermingsgebieten jildt).</p> <p>Omdat der in hiel soad ûnwissigens is oer it brûken, stoarten of skjinmeitsjen stiet de sektor no stil. Ofnimmers binne benaud wurden om mei fersmoarge grûn sitten te bliuwen en neffens belangegroepen jouwe guon gemeenten überhaupt gjin tastimming mear om grûn te brûken mei mear as 0,1 µg/kgds PFAS deryn.</p> <p>De desintrale oerheden hawwe it foech om lokaal ôf te wiken, foar safier der gjin risiko foar minsken is en de kwaliteit fan de boaiem net minder wurdt. Dêrfoar binne mjittingen nedich fan de besteande situaasje. Op basis fan dy útgongspunten kinne desintrale oerheden kieze foar in oare noarm.</p> <p><i>Ferwizings:</i></p> <ul style="list-style-type: none">• Keamerbrief fan de Steatssekretaris fan Ynfrastruktuer en Wettersteat, 'Stand van zaken tijdelijk handelingskader voor hergebruik van PFAS-houdende grond en baggerspecie', kenmerk IENW/BSK-2019/218085, 9 oktober 2019.• Keamerbrief fan de Steatssekretaris fan Ynfrastruktuer en Wettersteat, 'Tijdelijk handelingskader voor hergebruik van PFAS-houdende grond en baggerspecie', mei bylage, Tweede Kamer, vergaderjaar 2018/2019, 28 089, Nr. 146, 8 juli 2019.• Nordic Council of Ministers, 'A socioeconomic analysis of environmental and health impacts linked to exposure to PFAS', 17 maart 2019.

	<ol style="list-style-type: none"> 1. Hawwe Deputearre Steaten sicht op it oantal grûn-wei- en wetterbou-bedriuwen (ynkl. baggelders) yn Fryslân dy't no yn de problemen binne troch dizze maatregels en it oantal Fryske bouprojekten dat troch de PFAS-krisis stagnearret? 2. Wat docht DS sels om de GWW-sektor wer oan it wurk te krijen? 3. Is DS mei gemeenten, wetterskip en de sektor yn petear oer hoe't it probleem sa gau mooglik oplost wurde kin? 4. Binne der nije fergunningen nedich foar depots of stoarten dêr't mei PFAS-fersmoarge grûn tydlik opslein wurdt? 5. Hat DS weet fan ôfnimmers of fergunningsferlieners dy't generyk allinne noch mar grûn tastean mei in konsintraasje fan minder dan 0,1 µg/kgds PFAS. 6. Hat DS (yn de mande mei oare oerheden) al in mjitprogramma opset om in dekkend byld fan it foarkommen fan PFAS yn boaiem en wetter yn Fryslân te krijen en om de eftergrûnwearden fan PFAS te bepalen? 7. Is DS yn petear mei gemeenten en wetterskip om, wêr't dat kin, ta in gebietsspesifike oanpak foar it gebrûk fan grûn te kommen? 8. Wurket DS mei oare partijen oan it fêststellen fan de nije boaiemkwaliteitskaarten (mei PFAS) en, wêr't dat kin, hegere noarmen foar PFAS yn grûn? 9. Kin DS in tiidspaad sketse en oanjaan wannear't de sektor wer witte kin wêroan se ta is?
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) Ut namme fan de FNP Steatenfraksje, Sijbe Knol
---------------	--

Datum	22-10-2019
-------	------------